

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Jiergong 43 nûmer 3

febrewaris 2013



Redaksje:	Adres:	tillefoan:
Tryntsje Bouma	Skoallestrjitte 42, 8734 GN Easterein	0515-331762
Bauke Dijkstra	Wynserdyk 10C, 8734 GG Easterein	06-44057088
Metsje Huitema	Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295
Dirk-Yde Sjaarda	Skoallestrjitte 50, 8734 GN Easterein	06-54385633
Sjoerd van Beem	M.O.H.strjitte 10, 8731 AG Wommels	06-48713325
Willem Wijnia	De Homeie 27, 8731 EC Wommels	0515-331444

Ynternetredaksje: Aant Hofstra: sds-nijs@home.nl
Willem Wijnia: info@vv-sds.nl

Bestjoer:	tillefoan:	funksje:
Douwe Dirk Reitsma Smidslân 11, 8734 HJ Easterein	0515-332500	Foarsitter
Gida Heerma Pipegaal 11 8731 DB Wommels	0515-332227	Skriuwer
Baukje de Jong v.Eysingaleane 22, 8734 GD Easterein	0515-852400	Ponghâlder
Andre Vink De Singel 30a, 8734 HR Easterein	0515-333134	Wedstriidsekretariaat
Robert Schilkamp Hofkamp 33, 8731 BT Wommels	0515-331816	Foarsitter jongerein
Tina Wiegers P. ten Bokumstrjitte 15, 8736 JG Reahus	0515-331365	Ledenadministraasje
Fakant		PR en Reklame
Durk Okkema Sjaardaleane 7, 8734 HP Easterein	0515-333005	Sen./Technyske saken
Oetze Paauw Skippersbuorren 11 8734 GT Easterein	0515-332094.	Skoalleseize

Jongereinkommisje:	tillefoan:	funksje:
Robert Schildkamp Hofkamp 33, Wommels	0515-331816	Foarsitter
Bote Strikwerda Wyniastrjitte 10, Spannum	0517-342169	Algemiën lid
Thecla Klynsma Geins 32, Wommels	0515-333037	Algemiën lid
Hans v.d. Schaar Hofkamp 6, Wommels	0626785381	Algemiën lid

Technyske Kommisje Senioaren vv SDS

Foarsitter en fertsjintwurdiger haadbestjoer: Durk Okkema
Koördinator SDS 1, 2 en 3: Feite de Haan
Koördinator SDS 4, 5 en 6: Ids Boersma
Koördinator Sealfuotbal: Willem Wijnia
Koördinator Froulju: Geartsje Klaversma en Jildou Jorritsma
Sekretaresse: Elizabeth Breeuwsma

Technyske Kommisje Jeugd vv SDS:

Durk Okkema 0515-333005	Foarsitter
Jan-Rinse Blanksma 06-53803817	Skriuwer
Durk Okkema 0515-333005	Coördinator A- en B-junioren
Boudewijn Kramer 0515-852400	Coördinator C-junioren
Fakatuere	Coördinator D-pupillen
Robert Hoekstra 0515-331190	Coördinator E-pupillen
Tsjipke Okkema 06-18296720	Coördinator F-pupillen

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl	=> Douwe-Dirk Reitsma
Ponghalder@vv-sds.nl	=> Baukje de Jong
PRcommissie@vv-sds.nl	=>
Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl	=> André Vink
Ledenadministraasje@vv-sds.nl	=> Tina Wiegers
Sekretaris@vv-sds.nl	=> Gida Heerma
TC-foarsitter@vv-sds.nl	=> Durk Okkema
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl	=> Robert Schildkamp
Accomodatie@vv-sds.nl	=> Oetze Paauw

Sponsor- c.q. PR-kommisje

Fakant	Shirtsponsoring (PRcommissie@vv-sds.nl)
Anne Stenekes	Treffer en website
Ype Tiemersma	Reklamebuorden en Freonen fan SDS
Hendrik Engbrenghof	Algemien lid
Pep de Boer	Administraasje

Aktiviteitenkommisje: fakant**Wedstrydsekretariaat**

Senioaren: André en Tineke Vink, De Singel 30a, 8734 HR Easterein, tel. 0515-333134
Jeugd: Pieter de Boer, Van Eysingaleane 23, 8734 GD Easterein tel: 06- 10018187

Skiedsrjochterkoördinators:

Auke Eringa Email a.eringa@hetnet.nl Tel 0515 33 26 49
Friso Albada Email frisoalbada@home.nl Tel 0515 33 22 82

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700
(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein:**tillefoan:**

Andries Stuver A.Joustrastrijtte 4, 8734 GJ Easterein 0515-332872

Fersoarging materialen:

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Konsul:

Pier Faber 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

Bankrelaasje: 34.95.01.033 Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferienings nr KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:**Tillefoan:**

Easterein:	G. Orsel, 't Kleaster 7, 8734 HB Easterein	0515-331297
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Fam. Postma, Roede 29, 8731 CT Wommels	0515-332469
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Reahûs/Turns:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13 Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Fam. Verheus, Joarumerleane 2, 8732 EC Kûbaard	0515-332965
Hidaard:	Harm Bergsma, Skoallestrjitte 46, 8734GN Easterein	0515-332476
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295

Kontribúsje :	Senioren fjildfuotbal:	€ 59,95	it healjier
	Senioren sealfuotbal:	€ 43,20	it healjier
	A- en B-junioren:	€ 47,60	it healjier
	C-junioren:	€ 40,05	it healjier
	D- en E-pupillen:	€ 32,65	it healjier
	F-pupillen:	€ 28,35	it healjier
	Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting		

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij. Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong **fergees**.

Freonen fan SDS

Foar **€ 50,-** yn it jier wurde jo lid. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Enne Jehannes Bruinsma (till. 0515-332013).

Stipers

Mear ynformaasje by Enne Bruinsma (0515-332013)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden** kinne foar in oanmeldingsformulier en foar nijere ynformaasje skilje mei Tina Wiegers (till. 0515-331365).

Aspirant **senioren (fjildfuotbal)** kinne kontakt opnimme Tina Wiegers (till. 0515-331365).

Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimiasjebewiis (mei pasfoto) ynleverje wurde.

Aspirant **sealfuotballers** kinne kontakt opnimme mei Tina Wiegers (till. 0515-331365). Foar sealfuotballers jildt deselde proseduere as by fjildfuotballers.

Oanmelding kin ek digitaal. op: **www.vv-sds.nl**

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgjende nûmer is:

Moandei 1 april 2013 of sa

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst oer de E-mail.

E-mail adres : **detreffer@vv-sds.nl**

Fan de redaksje



Der wurdt noch net folle fuotballe, mar wy wolle jim dochs alfêst wat waarm meitsje foar de twadde kompetysjehelte.

Yn dizze Treffer kinne jim wer fan alles lêze oer fan alles en noch wat en "Rinsma foa Remco".

Dochs hawwe wy noch wol folle mear op de planke lizzen. Sa komt SDS binnenkoart mei in Jumbo-aksje, moat Enne Bruinsma heechnedich oan it wurd en binne wy benijd nei Jeroen, Anne, Metsje en Feite dy 't ek de

Alpe d' Huez opfytse sille(sjoch ek side 29). Dat allegear lêze wy fêst wol yn de folgjende Treffer.

Wy winske jo no earst in protte lêswille mei dizze Treffer.

(WW)

Bote en froulju



SDS E1 kampioen!



Rinsma foar Remco!



side 22

side 28

side 29

Fan de redaksje 3
Fan it bestjoer 5
Fan it jeugdbestjoer 6
Hite nûtsjes 7
Kees'kollum 9
Persoanlik: Benthe Okkema..... 11
In fruitmandsje bringe by.....(1)..... 13
Begrutsjen..... 14
SDS-Poeisz-aksje 16
Fan de skeids / Respekt..... 17/18
SDS-Look-a-likes(2)..... 19
Trainer yn de winter 20
SDS-webside yn it Afrikaansk?..... 11
Noppen & Naaldhakken 22
In fruitmandsje bringe by (2)... Pieter Kamstra..... 24
Kompetysje-yndielingen 28
SDS E1 kampioen 28
Rinsma foar Remco!..... 29
Út de alde doaze, Trefferkes en agenda..... 30/31/32

Fan it bestjoer



De winterstop is hast wer foarbij en it begjint wer te snijen, de keunstfjilden wurde ôfkeurt en it earste hat de earste wedstriid ferlen. Dit is it momint om dat ik dit skriuw. Toch gean we de goeie kant wer út. De A's ha hun wedstriid op skylge wûn en lizze op kampioenskoers, de C's ha alwer in kear knap úthelle en yn de seal is bij de D's in kampioenskip binnen helle.

SDS groeit, dit hâld yn dat der steeds meer frijwilligers komme moatte. Dit falt net altyd ta om die te fynnen dêrom is bij de ledegearkomst in kommisje yn it libben roppen om dit sa goed as mooglik te koördineren. We sykje noch in bestjoerslid in JC/TClid in PRClid, trainers en lieders bin nooit genôch fan, datselde jild fansels ek foar materialeminsken en skjinmakers. De klaiboksskjinmakers krije it drokker, der komme klaai-units bij. Die komme efter it A-fjild bij de berging te stean. Dus om it dizze klaiboksskjinmakers it in bytsje makliker te meitsjen soe it tige op priis steld wurde dat de boksen nei eltse training en wedstriid sa skjin as mooglik efter litten wurde.

SDS groeit, ek fan de fjilden. It tredde fjild lit op sich wachtsje mar der wurdt hurd oan wurke om dit foarinoar te krijen. We moatte it earst noch mei twa dwaan. En meiinoar rêde we dat fêst wer op en meitsje wer der in prachtige twadde seizoenhelte fan.

Durk Okkema

**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs eltse dei op
www.vv-sds.nl!**

Fan it jeugdbestjoer



Nog even en de voorjaarscompetitie gaat weer van start. Tijd om terug te kijken naar het najaar en de winter. De najaarscompetitie is voor de meeste teams ronduit dramatisch verlopen. Van een normale competitie was voor de meeste teams geen sprake. De KNVB had dit seizoen bedacht dat de bekerwedstrijden na de vakantie moesten plaats vinden. Zo konden meer teams inschrijven. Deze late start van de competitie in combinatie met de natste herfst sinds jaren zorgde ervoor dat slechts een enkele team alle wedstrijden kon spelen.

De meeste teams echter kwamen amper tot 5 wedstrijden. Ook training gingen helaas te vaak niet door. Een kunstgras veld had uitkomst kunnen bieden, maar we moeten doen met de velden die we hebben. Geen kampioenen te huldigen dus.

Gelukkig ging het in de zaal stukken beter. Tijdens de KNVB kerst toernooien werd menig wedstrijd gewonnen en de D's haalden zelfs de finale poule. Bij de zaalvoetbal competitie lieten ook de E1 en F1 zien wat winnen is. In leuke competities konden de teams op een aantal zaterdagen steeds 2 wedstrijden spelen. Zeker voor herhaling vatbaar.

De deelname aan onze eigen HAK-toernooien was ook dit jaar weer enorm. Steeds waren bijna alle spelers aanwezig. Een strakke organisatie stond iedere keer weer garant voor veel voetbal. Ook waren er deze winter weer een aantal clinics georganiseerd. De deelname daaraan was helaas in een aantal gevallen minimaal. Echter de spelers die er wel waren hadden aan aandacht geen gebrek.

De maanden februari, maart en april staan dit jaar in het teken van de fondsenwerving. Op 11 februari start de Poiesz jeugdactie. Daarover meer in dit nummer van de Treffer. En in april gaan we weer langs de deuren voor onze jaarlijkse dropactie. Alle teams van de f-jes tot en met de c's doen mee.

Hoewel de voorjaarscompetitie nog moet beginnen kijken we ook al met een schuin oog naar de indeling van volgend jaar. Als we de huidige aantal jeugdleden per categorie op een rijtje zetten komen we tot 1 team bij de A's, 2 teams bij de B's, 3 teams bij de C's, 4 teams bij de D's en ook 4 teams bij de E's. Of dat allemaal door gaat hangt vooral af of er nog veel afmeldingen binnen komen en of het op velden is in te passen. Hoeveel F-teams er ingeschreven worden hangt nog af van de inschrijvingen in de komende maanden. Meer hierover in een volgende Treffer.

Tot slot wens ik iedereen een sportief en een succesvol voorjaar toe!
Namens de jeugdcommissie, Robert Schildkamp

Hite nûtsjes

En? Foldocht it winterskoft noch wat?

Wat sil ik der fan sizze? Ik haw net in min winterskoft hân. Om my mei it altiten wol sa. 6 wiken winterskoft en yn dy 6 wiken noflik sealfuotbalje. It ienige wat no wat lestich wie is dat je elts wykein pas op sneontemoarn heare dat it fuotbaljen ôflast is. Wat my oanbelanget folgend seizoen gewoan winterskoft fan 21 desimber oan 't en mei 8 febrewaris.

Hoe sjochsto werom op it “sealseizoen”?

It is moai om te sjen dat de jeugd no ris in soad yn de seal bolle hat en ek noch súksessen behelle hat. D2, E1 en F1 binne sels kampioen wurden. Dêrneist hawwe de âld-sealfuotballers fan SDS 1 it knap dien op it OFK mei in plakje yn de 16^e finales. Mei it Krystsealtoernoai fan Frjentsjer rikten de SDS'ers sels oan 't de heale finale. Ek wie it moai om te sjen dat âld-SDS'ers lykas û.o. Jehannes en Freek Tichelman, Jacob van Wieren en Hjalmar Ruiters alderaadichst sealfuotbalje kinne. Eins moasten je dêr nochris wat mei.

In hiel soad minsken hawwe neat mei sealfuotbaljen en geane winters leaver te drafen. Hasto dêr ek wat mei?

Hurdrinne hat in hiele nije dimensje krigen no't der in app is dy't de prestaasjes by hâlde. De wrâld wurdt hoates en toates op 'e hichte brocht



fan de hurdrinprestaasjes fan in oantal SDS'ers. Tige nijskijrrich....al spitich dat se mear op it ynternet surfe dan op it fjild traine.

No binne wy healwei febrewaris en no fuotbalje wy allinnich op keunstgers of hielendal net? Kin der no echt net op “gewoan” gers fuotballe wurde of sjochsto in nije trend?

Yn myn tûn rollet de bal net, hy ploft del en leit stil. By dy al dan? Ik bin bang dat it noch wol oant maart duorret foar 't wy echt los binne. Sjoch no al út nei de trochdewikse ynhelwedstriden....

Wat do?

De bal rollet by my yn de tûn wol, al moat ik der wat hurder tsjinoan skoppe as oars. Neat mis mei. Ik wol wer ris my drek oan de broek fan it fjild ôf komme. De frou snapt der neat mear fan. Yn it ferline moast de woskmasjine 2 kear draaie om de trainingsklean skjin te krijen en no draait der hegút 1 kear, want dan wol der net mear draaie troch al dy rubberbaltsjes fan it keunstgers.....

Dat “matchfixing” skynt yn Dútslân in grut probleem te wêzen, mar it sil hjir yn it amateurfuotbal dochs ek barre? Bisto trouens as

“Matchfixing”;
klinkt as in nije Sweedske
spits foar Feyenoord”

keeper wolris benadere troch in belsjineesk om in baltsje “per ûngelok” troch te litten?

De hiele wrâld draait om jild, Dus ja, it bard oeral. En wat dy belsjinees oangiet.....

Ach ja, hoe sil ik it sizze, doe't wy ein oktober thus tsjin Nylân balje moasten, hat in sekere T. de Boer (oansteande man fan Janneke v/d E) my 5 eurie bearn foar eltse goal fan Nylân, dat is der uteinlik 1 wurden, mar fan de pingels ha ik noch neat sjoen.

“Der binne mear froulju as lju dy ‘t fan hite nûtsjes hâlde”

Prachtich wurd trouens “matchfixing”. As je net better witte dan tink je dat sy it oer in nije Sweedske spits fan Feyenoord hawwe. Hasto der net in moai Frysk wurd foar?

Nee, foar soksoarte fan praktyken binne gjin moaie Fryske wurden op foarried tinkt my.....

Doe 't ik trouens hearde fan dat matchfixing moast ik lyk oan Wommels – Easterein tinke fan 2007. Yn de penaltyserie kearde Jan Stenekes út (doe noch) Easterein de pingel fan syn broer Anne(út Wommels). Ik wit noch best dat krekt foar dat momint de hiele “Happy Family” rûn it fjild mei in tillefoan oan it ear rûn. Neffens my hat de famylje Stenekes hjir no noch altiten profyt fan. Jan in hûs yn Wommels en de rest fan de familie Stenekes hellet hoates en toates iten by de sjinees yn Wommels.

Hast wat betrouen yn de 2e seizoenshelte foar de SDS

senioaren?

Forza SDS. fansels, skouders der ûnder, wat moatte we oars? En dan doel ik net allinne op de resultaten, mar ek op it klupgefoel, it meiinoar ien wêze foar SDS. Der sil dizze 2e helte ek in berop dien wurde op de reewilligens fan de senioaren om ris wat (mear) foar de feriening te dwaan. As dat fan de grûn komt, dan bin ik der wis fan dat dat de belutsenens en ûnderlinge

akseptaasje binnen de klup fergruttet, wat wer liede sil ta (betere) resultaten.

Tink dat we it der oer iens binne dat wy it op it stuit net fan in oerskot oan talint ha moatte, dan de beuk der mar yn.

Wat do?

Wat my oanbelanget begjinne wy der mei om alle trainingen gewoan trochgean te litten en keihurd te wurkjen. Hoe 't it fjild der ek by leit. Wy binne gjin Barcelona dy 't better ta syn rjocht komt op in moai fjild. Wy moatte de mouen opstrûpe en swart fan it fjild. Sa komme wy oan de punten.

Wat is eins de stân fan saken mei Raf en Sil? Ha wy by SDS eins ek in showbizz koppel?

Gjin idee hoe 't it mei Raf en Sil is. De measte showbizz-koppels hâlde it net in libben lang fol. Sjoch mar oan Erik en Astrid.....

Mar lokkich genôch foar Erik binne der mear froulju as lju dy 't fan hite nûtsjes hâlde.....

En foar Raf jild; hy kin better mei syn tengels oan de hite nûtsjes sitte.....

Kees' kollum; Der klopt gjin skout fan



Elts wykein fynt er in wier sirkus plak op de Europeeske fleanfjilden. De scouts fan hast eltse selsrespekterende Ingelske klup stroffelje oer harren Rusyske, Italiaanske en Dútse kollega's op syk nei de toppers yn spee. Der wurdt groete want se kinne mekoar allegear fan Eurogoals. Op de weromreis treft men de Nederlanske skouts oan die't út Skandinavië weromkomme. Se laitsje nei elkoar want se witte: wy hawwe it wer maklik fertsjinne. Tot folgend wiekein!

Skouten wurdt as essensjeel oansjoen binnen it moderne fuotbal. Eltse klup hat syn eigen

'netwerk' en 'beleidsplan'. Ajax bout 'strategyske pilaren' op yn Slowakije en Súd-Afrika. PSV stjoerde jierrenlang Piet de Visser de rimboe yn mei in pak riiswafels en 'ûntdekt' no Sjina en India. Koart sein is de skout de moderne ûntdekkingsreizger dy't mei kapmes en notysjeblok op syk giet nei bysûndere soarten.

Prachtige ferhalen lefert it op, mar oer it rendement hat gjinien it. We herinnerje ús de (dikke) Ronaldo's, Shinji Ono's en John Dahl Tomassons mar ferjitte de rest. En dat is it bulk. No kinne je stelle dat it rendemint fan 'e eigen oplieding ek net folle grutter is, mar om dit dan mar te kompensieren mei in trochslaand skoutingsapparaat draacht ek net by oan de

winstmarge! Sterker. Troch de konstante stream fan spilers wurdt de jongen út eigen oplieding der net striidfaardiger op, krijt dizze net iens in kâns, en sjogge je dat de ynfesteringen oan de iene kant, dy oan de oare kant tsjinwurkje.

Feyenoord is it bekende tsjinargument. Gjin jild en opiens kin in De Vrij trochbrekke. Twa jier lyn wie dat in skriel fentsje, no fynt eltsenien it normaal dat Ome Louis him selekteert. Heerenveen kin wol ris folgje. Riemer en Foppe diene it ge-wel-dich fansels, mar op de ien of oare manier bruts hjir nea in spiler út de eigen jeugd troch, wylst dat by in klub as AZ, Vitesse of Heracles wol wat oars is. No't it jild op is, komt der miskyn feroaring yn.

Skoute is yn myn eagen foaral in gebrek oan fertrouwen yn je jeugdoplieding. Der wurdt beleid predikt, mar wat folget is panykfuotbal. We sjogge de buorlju nei Brazilië fleanen en geane dan sels ik mar snel. Dat der in pear spilers út eigen jeugd op deselde posysje spylje kinne en jierrenlang yntensyf begeleid is, de klup en de kompetysje goed kinne, is efkes spitich. It talent krijt gjin tiid. In spits of nûmer 10 kin ik nog wol begripe, mar by posysjes as de links- of rjochtsback/middenfjilder falt myn pet ôf.

Dêr komt by dat wat skouten wurdt, selden oanslaat. De toppers fan fier blykje tiid nedich te hawwen om oan te passen en komme yn fergelyking mei de

“De skout is de moderne ûntdekkingsreizger dy't mei kapmes en notysjeblok op syk giet nei bysûndere soarten”

pleatselike toppers yn iens net sa goed út de ferve. In poarsje heimwee derby en it retourticket kin boekt wurde.

It is miskien ek net gek as je ien skoute op twa wedstriden, in fideobân, of in sterk ferhaal. En sels al wurdt in spiler al langer folge, dan nog liket der net folle each te wêzen foar de mentaliteit fan sa'n jonge. Fiif kear heechhâlde is wichtiger as 90 minúten ynset. En dat wylst al dy âld-fuotballers yn de VI ferkondigje dat der nog folle gruttere talinten wiene as sy, mar dizze net de jûste ynstelling hienen. Dit binne dan wer deselde âld-fuotballers dy 't ferfolgens as skout soks wer ferjitte..

“Gun ús in kultheld as Daley Blind of De Vrij en ferlos ús fan in Manolev of Cuenca”

It kin ek oars, en wol op twa manieren.

Klups as Bayern, Juventus en Manchester dogge it PSV en Ajax praktysk foar: keapje de toppers fan de subtoppers, en gean slechts selden foar de tropyske ferrassing. De oare klups mei je je útkotse, mar jo hawwe in team fan spilers dy 't harren al earder bewezen hawwe yn de eigen kompetysje. Sûkses garandear!

Foar de gokkers of minder rike klups ûnder ús is der in oare fariant: de Beveren-taktyk. Eltse Afrikaanske spiler die 't dizze klup tastjoerd krige, waard lyk yn it tenue hijst en stie in dei letter op it fjild. Der gie gjin skouting fan de klup sels oan foarôf en nei de bertedatum waard net sjoen. Nei in jier koe de helte wer werom, mar under de oare helte sieten wol in sekere Gervinho, Eboué (no Arsenal) en Yaya Touré. Dochs net de minsten.

Ik snap dat we troch beide farianten aanst mei in leger âld-fuotballers sitte, die 't echt yn in swart gat falle. Mar foar hen bestiet der altiten noch de koikarper, curling of it klaverjassen. Gun ús in kultheld as Daley Blind of De Vrij en ferlos ús fan in Manolev of Cuenca. (KA)



KAMSTRA
STEENHANDEL
BESTRATING EN GRIND

- (sier) bestrating
- (sier) grind
- tegels
- opsluitbanden
- muurblokken
- zand
- zwarte grond
- gebroken puin
- freescasfalt
- anti-worteldoek
- levering beton
- betonijzer
- cement
- industrieplaten
- hardhouten schotten

INFORMEER NAAR VELE ANDERE PRODUCTEN

Monsamabuorren 1 • Hinnaard • tel. 0515 333 432

www.kamstrasteenhandel.nl

Persoanlik

Wy stelle jim graach foar oan:	
Benthe Okkema	
Namme	Benthe Anne Okkema
Berne	10 maaie 2003
Yn Wommels, Easterein as....	yn Wommels
Skoalle	It Fûnemint, Wommels
By SDS sûnt	2009
Team	E4
Gjin fuotbal, dan...	rugby ,keatse as judo
Favorite klup Nederlân	SC Heerenveen
Favorite klup bûtenlân	Barcelona
Beste trainer	ús heit en Herman
Beste fuotballer yn Nederlân	Dirk Kuyt
Beste fuotbalster fan Nederlân	Benthe
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Lionel Messi
Beste fuotbalster yn it bûtenlân	Tante Nynke
Favorite fuotbal(st)er SDS	Tjipke Klaas
Favorite posysje	middenfjild
Sterkste punt	trochsette
Swakste punt	as ik op bin kin ik gjin stap mear sette

<i>Moaiste stadion</i>	Abe lenstra
<i>Idoal</i>	Lionel Messi
<i>Hichtepunt</i>	myn earste doelpunten yn myn earste wedstryd.
<i>Djiptepunt</i>	net score
<i>Moaiste goal</i>	kopgoal yn'e krúsing
<i>Skoudertriuw as tackel?</i>	skoudertriuw
<i>Boas om</i>	as in famke fan my wint
<i>Flint ers yn de búk fan</i>	Sis ik net
<i>Tillevysje</i>	Freek in it wild
<i>Muzyk</i>	Voskovs Grodzemods
<i>Lekkerste iten</i>	stoofparkes
<i>Minst lekkere iten</i>	lasagne
<i>Drinken</i>	kola
<i>Nintendo DS, Wii, Playstation 3, X-BOX of bûten boartsje</i>	bûten boartsje
<i>Favorite game</i>	Mario-Party
<i>As ik skoar dan fier ik dat sa....</i>	slide
<i>Kampioen Earedivyzyje 2011/2012</i>	Ajax
<i>Cambuur of SC Heerenveen?</i>	SC Heerenveen
<i>Moaiste sjurt</i>	SC Heerenveen
<i>Lelijkste sjurt</i>	Willem 2
<i>Fuotbalskuon</i>	Adidas of Puma
<i>Rjochts of lofts?</i>	rjochts
<i>At ik letter grut bin dan....</i>	plysje as prof fuotballer
<i>Wolst fierders noch wat kwyt?</i>	Respekt ha by fuotbal

In fruitmandsje bringe by....(1)

It kin hast net dat der nei dizze lange winterstop noch lju blesseard binne. Yn dy 6 wiken sille der dochs gjin lju blesseard rekke wêze of it moat al sa wêze dat der ien mei de fyts ûnderút gien is troch de glêdens. Moai dat wy Grietzen Broersma op it heden ek wer gauris op it fuotbalfjild sjogge.



Foar de winterstop wienen der by de E-pupillen noch wol 2 jonges mei slimme blessures wêr 't wy gjin oandacht oan skonken hawwe.



Tom Wijnia fan E2 hie yn novimber ferskriklik lêst fan fikse snottebellen. Neffens him hat dit neat mei de lingte fan syn broeken te krijen. Syn âlders hawwe harren twifels.....

Tjerk Ebbinge fan E1 hat yn septimber flink lêst hân fan syn lofterfoet. De pine wie net út te stean. Nei ynspeksje die bliken dat Tjerk lest hie fan in yngroeid gêrssprysje.



(WW)

Begrutsjen



Jesterdee dat wie in grutte hit. De Bietels dy sjonge it : Jesterdee, al mij trobbels siem so faar uhwé. Ja, ik kin it út de holle at ik de tekst der bij ha. Jesterdee. Foaral dat jester dat docht it him.

Jesterbarren, Jestermar, Jesterwierrum, jesterlittens en jesterrein. Sa mar wat foarbylden. Mar oer Jesterlittens en Jesterrein dêr woe ik it no oer ha. Twa doarpen oan it wetter, twa doarpen mei in ytkafée, twa doarpen wêr't se ek keatse, twa doarpen mei in Skrok of in Skrins en twa doarpen mei in fuotbalklup.

Twa moaie klups. Giel read en swart wyt. Dat leit wol wat fier útelkoar. Fierders binne der foaral saken dy't wol wat fan elkoar hawwe. De klup út Jesterlittens ûnderoan op de ranglist, de klup út Easterein ek ûnderoan op de ranglist. Jesterlittens in moai lyts doarp mei wierskynlik de measte leden út it gruttere Winsum. Twa fytspaden ferbine de twa doarpen. Mei Easterein is it net oars. Wommels is hofleveransier en at je wol wat fan omfytsen hâlde lizze der ek twa fytspaden tusken beide doarpen. Moai is dat foar de jeugd at se fuotbalje moatte of traine.



Tsja fuotbalje yn Jesterrein en Jesterlittens dat kinne se dizze winter wol ferjitte. En de

foarige winter ek. En de kommende winter ek. It reint en sneit op de sosjale media betiden twiits fan dizze beide klups.

Allegear mei de selde strekking. It giet net troch, it is ôflast, it kin net trochgean, it is te wiet, it is te wyt, it is te hurd, it is te drekkich, it is neat bij neat.

Twa fuotbalferienings yn Littenseradiel. Ien op



sneon en ien op snein. No noch in tredde- en no noch in twadde klasser. Mar aanst net mear. Dat hat meardere oorsaken en om no te sizzen dat it de skuld is fan de gemeente kin fansels net. Dat it de skuld fan it waar is kinne je wol sizze. It waar kinne wij net feroarje, mar ús gemeente kinne wij wol oantrúne. Sij soene der mei foar soargje moatte dat bij it ôfleverjen fan dizze twa doarpen oan oare gemeenten (troch de weryndieling) der goeie fuotbalfjilden lizze. Sij moatte de resjy pakke yn dit spul. Beide klups moatte in keunstgersfjild ha om aansens yn yn it geweld fan dy grutte gemeenten oerlibje te kinnen en net figuerlik ûnder te sneien en te reinen.

Jesterlittens nei Ljouwert mei in moaie fuotbalakkomodaasje en Jesterein nei Sudwest Fryslân mei in moaie fuotbalakkomodaasje. Dat soe in dream wêze kinne dy't ú komme moat. At dy beide grutte gemeenten no fuort de helte meibetelje dan hoege se aansens net yn ien kear safolle te beteljen. Fuotbalfjilden dy't it hiele jier brûkt wurde kinne binne fan libbensbelang. Dat kinne de klups net allinne berêde. Dêr hawwe se in stevige triuw yn de rêch foar nedich. Fan de gemeente dy't der no noch is.

Lit ús hope dat yn 2018 of earder bij de iepening fan de keunstfjilden út de lûdsprekkers fan beide klups de lûden fan de Beetels klinke: Jesterdee, al de trobbels seem sa far ewee..... Fansels net te lûd want dan hawwe de fûgels op Skrok en Skrins der lêst fan.

Aant



Die polo past ons allemaal!

Stichting Skoalleseize heeft voor het 25 jarig jubileum SDS polo's voor de barploegen kado gekregen. Wij hopen hiermee het SDS gevoel tijdens de wedstrijden te verhogen. Om het teruglopend aantal barvrijwilligers op te vangen, zijn wij nu op zoek naar spelers van SDS die een aantal keren per jaar bardienst willen draaien. Wij hopen dan ook jullie als spelers in deze polo's te kunnen verwelkomen om samen de sfeer in de kantine maken.

SDS

"Sterk door samenspel". We rekenen op jullie.

SDS -Poesz-aksje



SDS is weer ingeloot voor de jeugdponsoractie van Poesz supermarkten!

Dit houdt in dat mensen worden aangemoedigd om hun boodschappen te doen bij de Poesz in Scharnegoutum en de sponsormunten die dit oplevert te stoppen in de koker van SDS-Easterein. Bij elke € 10,- aan boodschappen ontvang je 1 munt. Deze sponsormunten zullen aan het einde van de Jeugdponsoractie worden uitbetaald in klinkende munt. Het sponsorgeld komt namelijk ten goede aan de jeugdafdeling waarmee de kwaliteit van de jeugdafdeling van SDS wordt verbeterd.

De Jeugdponsoractie loopt van maandag 11 februari tot zaterdag 6 april 2013 bij Poesz Supermarkten.

Om extra munten te scoren hebben ze ook de gebaksbattle bedacht, er worden speciale bonnen verspreid onder de leden van SDS met een unieke code. Elke 2 weken een nieuwe aanbieding die en voor de klant voordelig is en voor SDS extra munten opleverd.

Ook mogen we zaterdag 23 maart bij de Poesz in Scharnegoutum met kinderen aanwezig zijn om zo onze vereniging te promoten en proberen met ludieke activiteiten de munten van winkelende mensen te krijgen.

Kom je wel bij poiesz maar niet in Scharnegoutum, bewaar de munten dan en geef ze af in de bestuurskamer van SDS. (Skoalteseize)

Op Vrijdag 19 april vindt het sponsor gala plaats in het WTC Expo in Leeuwarden, hier krijgt iedere vereniging het behaalde bedrag te horen.

Voor de activiteit op 23 maart hebben we nog hulp nodig van ouders en F-en E-pupillen!!

Groeten Tecla Klijnsma JC-SDS (durktecla@home.nl)

Fan de Skeids(87)



Aanmerkingen op de leiding?

Minimaal een indirecte vrije schop!

Zaterdag een voetbalwedstrijd fluiten, niets is mooier, toch?

Net als in mijn werk vind ik het leuk om ook in de voetballerij met mensen (jeugd) om te gaan. Nu fluit ik al een aantal jaren niet meer maar als assistent-scheidsrechter in de hoofdklas is het mooi om daarnaast overal een kijkje binnen een voetbalorganisatie te nemen.

En dan nog landelijk ook. Ik kan er nog elke week van genieten. De ene keer is het leuker dan de andere keer dat spreekt voor zich maar zolang het plezier er nog steeds is hoop ik het nog een poosje te kunnen doen.

Het is dan ook onbegrijpelijk hoe het scheidsrechters de laatste tijd in het nieuw is geweest. Jammer, maar wat kun je er tegen doen wanneer soms respect en sportiviteit ver te zoeken is.

Laatst kreeg ik een rapport terug van een rapporteur met de volgende opmerking; "ASR (assistent-scheidsrechter) had ten aanzien van deze competentie (mentale concentratie) geen moeilijke middag. Aan de zijde waar de ASR liep stonden hooguit 20 toeschouwers. Op de tribune, welke gedeeltelijk aan de zijde van ASR was gelegen, bevond zich wel redelijk veel publiek. Gedurende de gehele wedstrijd werd nauwelijks kritiek op het functioneren van de ASR geuit door de supporters. Incidenteel weleens een opmerking door een enkel persoon doch de gebezigde taal bleef binnen "de normen" en zal zeker niet altijd zijn gehoord door de ASR.

Ook spelers hadden, voor zover waarneembaar, geen commentaar ten aanzien van de gegeven adviezen".

Nu heb ik het voordeel dat ik een (onpartijdige) KNVB official ben en geen clubgrensrechter want wat zou het publiek dan geroepen hebben?

In de spelregels veldvoetbal wordt duidelijk aangegeven dat het 'aanmerking maken op de leiding' bestraft moet worden met een indirecte vrije schop en een gele kaart. Nu hoeft er geen heksenjacht ontketend te worden want gele kaarten vallen er toch al genoeg. Maar het spel onderbreken, de 'pratende' speler er op attent te maken dat ook de scheidsrechter met een hobby bezig is en dan een indirecte vrije schop tegen de overtredende partij te geven, is wel het minste wat men tegen dit irritante en sfeerbedervende gedrag kan doen. Uit ervaring weet ik dat dit vooral in het begin van de wedstrijd de beste remedie is om zulk gedrag tegen te gaan. En als men blijft praten; tóón dan die gele kaart maar.

Kan een clubscheidsrechter dit dan ook zo doen zoals hierboven is omschreven?

Natuurlijk kun je dit doen want immers ook jij bent bezig met jou leuke hobby en jij laat je de middag niet verpesten door zulke spelers. Echter wees je bewust dat er ook van een clubscheidsrechter iets wordt gevraagd. Een goede

conditie en voldoende spelregelkennis moet je standaard in je bagage hebben. Het volgen, in de nabijheid van de bal aanwezig zijn, zou toch mooi zijn. Dit voorkomt veel commentaar zowel van spelers als begeleiding. Je kunt beter een foutieve beslissing op korte afstand maken dan één van veraf! Maak duidelijke afspraken met jouw assistent-scheidsrechter en wees duidelijk in je beslissingen. Dat wil niet zeggen dat je elk fluitsignaal moet uitleggen. Wanneer je met boven genoemde korte uitleg en een juiste instelling het veld ingaat ga je een leuke middag tegemoet. Succes.

Douwe Dirk Reitsma

Respekt

Het voetbal gaat komend weekend weer van start. Vooruitlopend op het actieplan Zonder respect geen voetbal, dat uiterlijk 1 maart wordt gepresenteerd, roept de KNVB iedereen op zijn of haar verantwoordelijkheid te nemen.

Spelers, trainers, coaches, scheidsrechters, vrijwilligers, ouders en toeschouwers. Jullie spelen allemaal een belangrijke rol in het bevorderen van sportiviteit en respect op en rond de voetbalvelden. Met 1,2 miljoen leden en miljoenen liefhebbers kunnen we samen het verschil maken. Alle scheidsrechters en assistent-scheidsrechters zijn inmiddels per brief benaderd over de hervatting van de competitie.

We moeten ervoor zorgen dat voetbal een sport is waar we allemaal van genieten en plezier aan beleven, ongeacht het niveau. Bij winst en verlies. Met respect voor elkaar, de tegenstander, de vrijwilligers en iedereen die van voetbal houdt.

We moeten samen voorkomen dat er nog iets vreselijks gebeurt.

De KNVB



SDS-Look-a-likes(2)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútsjer, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa of wat jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei DeTreffer@vv-sds.nl!

Enno Bruinsma op in skilderij wat yn de Jimbar en de kantine hinget:



Ewout de Boer(SDS 1) as Jeffrey Gouweleeuw(SC Heerenveen)



Lourens van der Pol(SDS B1) as sjonger Johannes Rypma



(WW)

Trainer yn de winter



Sa't jim miskien wol witte, wurkje ik yn it ûnderwiis. En sa't ik wit, tinke jim, dat wij altyd fakânsje ha. Dat lêste dat sjogge goed. Dat komt omdat wij troch de wike wat mear wurkjes adat wij der mei grutte regelmaat in wykje mei ophâlde kinne. Of twa wykjes, of seis wykjes. Ut namme fan in hiel soad oare minsken yn it ûnderwiis kin ik sizze dat soks goed befalt. Sa goed sels dat ik net ruilje wol. Mei nimmenno ja....mei nimmen. Dat no ek wer net. Ik soe best wol in pear moanne ruilje wolle mei de trainer

fan SDS 1. Sis mar sa healwei novimber at de dagen koarter wurde, de buien de oerhân krije en it fjild net mear droech wurde wol, dan soe ik wol begjinne wolle. Dat oernimmen soe om mij dan wol duorje kinne oant sis mar 1 febrewaris ta, mei in útrin oan de foarjiersfakânsje. Want dy wol ik fansels graach wer meinimme yn myn ûnderwiis baan.

Mar yn dy periode sa tusken heal novimber en heal febrewaris sil ik der ek foar gean. Wij sille trochtraine oan de earste krystdei ta. Ien kear yn wike gean wij oefenje. Wij reizgje dêrfoar nei Snits, nei Boalsert of nei Ljouwert wat makket it út. Ien kear yn de wike geane wij nei in klup ta mei ljocht en keunstgers. Mei kryst en âld en nij sette wij alles op in sêft pitsje en komme wij efkes bij fan al ús ynspanningen. Mar nei de nijjiersresepsje, at de foarsitter ús wer tasprutsen hat mei de wurden dat "dat wij der wer in moai, suksesfol en sportyf jier fan meitsje moatte" dan pakke wij it skema der wer bij. Wij rjochtsje ús op ynhelkompetysjewedstriden, wij traine wer mei goeie moed, wij oefenje en wij gean der wer foar. Wij tinke der wer klear foar te wêzen en mocht dy earste kompetysjewedstriid net trochgean dan rjochtsje wij ús op de folgjende. Sa giet dat at ik haadtrainer bin.

No is it heal febrewaris en ik bin hjoed wer werom yn it ûnderwiis. Begjin gelyk mei in fakânsje. Dat is no ien kear sa. Ik sjoch werom op myn tidlik baantsje as haadtrainer bij SDS. Haw it fluitsje wer oerdroegen oan de Blaauw.


Ik sjoch net ûntefreden werom en konstatare dat der miskien wol twa echte trainingen trochgien binne (ik bin de tel kwyt), dat de snie foar master opsloech op it keunstgers en dat ik hiel faak gebrûk makke ha fan de wurden "it trainen kin jûn net troch gean, hawwe wij trochkrigen", dat ik dy wurden wol hiel faak maild ha nei Willem en Oant, dat ik Feiko wol hiel faak benadere ha at it ek mooglik is dat ik mei myn ploech wer wat spinne koe, dat "alles mei de bal dwaan" dizze winter net opgie, dat wij ek noch in kear ûnferwacht foar de kompetysje balje moasten, nei ien kear traine en dat it bij ien oefenwedstriid bleaun is. Oh ja, net ferjitte der wie ek in snertrin. In graadmijter foar fitheid, ynset, teamgeast en mentaliteit..

Ik hie dizze winter in makkie yn myn tydlike baan. Hie de measte drokte fan it geregeld en it ûnregeld en haw der yn alle gefallen foar soarge dat der troch dat fytsen yn de seal in fitte ploech stiet dy't samar de Ronde van Vlaanderen útfytse kin op in moaie pinkstermoandei. Sûnder Epo mar mei kopman Jelmer, mei de superfeinten Erik en Jacob Klaas en mei in stik as 10 wetterdraggers. Wetterdraggers? Nee gjin wetterdraggers. Wetter dat wurd kin ik net mear ferneare. Dat falt der te folle en dat wol net hurd genôch fuortrinne. Nee, dit doch ik net wer. Trainer yn de winter bij SDS is neat foar mij.....


Aant

SDS-webside yn it Afrikaans?

Om 't Tsjipke Okkema op dit momint mei syn freoninne Esther yn Súd-Afrika sit hawwe wy de SDS-side spesjaal foar harren mar wat oanpast:



Foto's en sa fan Tsjipke en Esther yn Súd-Afrika binne te sjen op ynternetside; <http://www.facebook.com/esther.hoitenga>



Noppen & Naaldhakken

oer froulju, fuotbal en oare wichtige saken



Soesto dy earst foarstelle wolle foar wa't dy noch net kin?

Ik bin Bote Strikwerda, 26 jier, ik wenje yn Spannum en wurkje by Bouwgroep Dijkstra Draaisma as wurktarieder fan projekten yn de wenning- en utiliteitsbou.

Fanút Spannum bedarre by SDS, hoe kaam dat?

De measte bern út Spannen gienen op koorkebal, ik ek. Mar doe 't wy mei it skoalfuotbal aktyf wiene, seach ús 'coach' wol wat yn in pear jongens út de buert. Sa binne wy mei in ploegje begûn mei fuotbaljen yn

Easterein.

Hoefolle jierren bisto aktyf by SDS en as wat?

Sûnt myn 7^e libbensjier bin ik aktyf by SDS as spilend lid. Ik spylje op it momint ôfwikseljend by SDS 2 en SDS 3. Derneist bin ik aktyf as lieder by it 3^e, ik bin bestjoerslid fan de jeugdkommisje en sûnt dit jier bin ik trainer fan froulju 1.

Wat hasto mei fuotbal?

Der gjit gjin dei foarby dat ik net mei fuotbal dwaande bin, dat seit tink ik wol genôch. Neist dat ik by SDS fuotbalje en trainen jou, doch ik ek oan sealfuotbal yn Frenstjer en sjoch ik fansels in protte fuotbal op tillefysje, bygelyks VI, Eredivisie Live en Sport 1.

Wat hasto mei froulju?

Tja.. dy komme je oeral tsjin en wy ha der allegear no ien kear mei te meitsjen.

Fynst dat in moaie kombinaasje, froulju en futbol?

It is in kombinaasje dy't hieltiten mear foarkomt, hieltiten mear amateurklups begjinne mei in frouljusteam. Mar om no te sizzen dat it in moaie kombinaasje is.. dat giet my wat te fier. It frouljusfutbol yn Nederlân hat nei myn mening noch in lange wei te gear, oant alles like sa goed regeld is as by it mannenfutbol. Mar no't der in frouljuskompetysje yn 'e Eredivysje is en de measte Nederlânske klups in frouljusteam ha, sil der tink ik mear struktuer komme. Sa lokket it froulju wol mear oan om te futboljen.

Wat soe der ferbettere wurde kinne binnen it frouljusfutbol by SDS en yn it algemien?

Op elts flak binne der noch ferbetteringen te neamen by it frouljusfutbol fan SDS. Dit jild foar sawol it bestjoer as it futbol sels. Binnen it bestjoer kinne sy harren ôffreegje wat se wolle mei it frouljusfutbol, want dit is nei myn idee noch wat miskend by SDS. Omdat de frouljusteams no benammen bestean út freondinneploechen, wêr net sjoen wurdt nei de kwaliteit fan 'e spylsters, mar mear nei de leeftiid. Derneist is it yn myn eagen wol wichtich dat de famkespupillen mei traine kinne mei de jongens pupillen, dat gebeurt lokkich al by de klup. Want sa wurde de famkes fysyk in stik sterker, sadat sy mear wjerstân biede kinne tidens de trainingen en de wedstriden. Sjoch ik nei it futboltechnysk flak, foaral by froulju 1, dan moat ik sizze dat te sjen is dat in grut diel fan 'e froulju letter begûn is mei futbol. Je misse dan dochs in soad basistechniken, sa as it goed oannimmen fan in bal. Mar sjoch ik nei de trainingsopkomst en de wille dy 't de froulju ha, dan kin in soad mannen binnen de seniorenteam hjiir noch in foarbyld oannimme. Fansels binne de froulju wol minder lang oan it futboljen.

Soest grutte ferskillen neame kinne tusken manlju- en frouljusfutbol?

Sa as ik al sei moat je se eins net mei elkoar fergelykje, want de ferskillen binne te grut. It grutste ferskil is neffens my werom te finen yn it fysike diel. De mannen hawwe faak mear kracht en de wolbekinde snelheid mist faak by de froulju.

Wolst fjirder noch wat kwyt?

Net sa'n soad, mar ik wol wol efkes oanjaan dat ik in protte wille ha yn it trainen fan 'e froulju fan it earste, as opfolger fan Bauke en Sytze. It is seker de muoite wurdich om ris in wedstriid fan dit team te besjen.

(TB)



In fruitmandsje bringe by(2) Pieter Kamstra



Dochs is der in SDS'er dy 't ek nei de winterstop noch altiten blesseard is. Pieter Kamstra(SDS 3) fuotballet al sûnt oktober net mear. Wy binne benijd wat him eksakt skeelt.

Wêr hast lêst fan?

Myn ankel is dûbelklapt, wêrtroch myn ankelbannen in flinke opsoademieter han hawwe.

Wannear hast it krigen?

Foarich jier op 22 septimber thús tsjin Warkum mei SDS 2. De keeper helle my underut wêrtroch wy in pennel krigen en wûnen mei 1-0. Al mei al hat de blessure dochc noch ergens goed foar west dus...

Sit der al wat ferbettering yn?

It giet net al te hurd moat ik sizze, mar fansels wolle je fan blessures altyd snel ôfwêze. Al mei al bin ik der no toch al sawat 5-6 moanne út.

Giest ek noch nei de fysio?

Ik bin nog altiten by de fysio, omdat it net echt opsjitte haw ik begjin dit jier nog foto's meitsje litten. Hjirop wie gjin breuk te sjen. Ik bin dêrom noch by de fysio ûnder behanneling en begjin no stadich oan wer wat te draven.



Sjogge wy dit seizoen noch fuotbaljen?

Sa 't ik al sei giet it herstel net al te snel en bin ik bang dat ik my op it nije seizoen rjochtsje moat. It soe moai wêze as wy dan nog altiten yn de 3e klasse spylje.

Wat mist it meast no asto net fuotballest?

Foaral de wedstriden op sneon. De sneon sjocht der foar my no dochs wat oars út. Ek it neisitten is oars at je sels net spile hawwe. Al mei al it hiele fuotbal en it barren der omhinne. Wat is der no leuker: in bytsje fuotbalje en wat ouwehoere. Hearlijk toch??

Fynst it ek dreech om sneons te kiezen om by SDS te sjen of by Akke-Rixt?

Meestal bliuw ik yn Easterein te sjen, mar sa no en dan ryd ik ek wolris efkes nei Snits of ik combineer beide (earst SDS 3 en dan de froulju fan ONS).

Betterskip!
(WW)

Kompetysjeyndieling foarjier MC en D–junioeren

De alvetallen fan MC 1, D2 en D3 binne lykas de E- en F-pupillen op nij yndield. Dat betsjut in nij begjin en nije kânsen.

Foar MC1 en D2 is it wol spitich dat der mar 5 yn de kompetysje sitte.

De alvetallen fan D1, C1 en C2 binne net op nij yndield. Sij geane fierder mei wêr't se bleaun wienen foar de winterstop

1	SDS MC1	09:30
2	Mulier MC1	09:30
3	Foarut MC1	11:00
4	Annaparochie St. MC1	11:15
6	Robur MC1	12:00

1	FVC D2	08:45
3	Oosterlittens D1	10:30
4	SDS D2	09:00
5	LAC Frisia 1883 D3	10:45
6	Harlingen D1	12:00

1	Zeerobben D4	10:30
2	SDS D3	11:30
3	SWZ D6	11:15
4	ST IJVC D3	11:45
5	Oosterlittens D2	10:30
6	Makkum D2	09:00

It kompetysjefuotbal foar de jeugd begjint normaal sprutsen wer op sneon 2 maart. Hâldt foar it eksakte programma de webside fan SDS (www.vv-sds.nl) goed yn de gaten.



Kompetytsjeyndieling foarjier E-pupillen

1	SWZ E3	09:00
2	Joure SC E3	09:00
3	SDS E1	09:00
4	ONS Boso Sneek E2	10:15
5	SJO Oudega/HJSC E1	09:00
6	Balk E1	10:15

1	IJVC E2	09:00
2	Balk E2	09:00
3	Joure SC E6	09:00
4	SDS E2	09:00
5	ONS Boso Sneek E3	09:00
6	SJO Oudega/HJSC E2	09:00

1	GAVC E4	10:00
2	Makkum E2	09:15
3	Heerenveen E11	11:00
4	Joure SC E7	10:15
5	SJO Jeugd Voetbal Bolsward E4	09:00
6	SDS E3	09:00

1	SDS E4	09:00
2	Irsum E2	10:00
3	QVC E3G	10:15
4	LSC 1890 E9	10:15
5	SJO Jeugd Voetbal Bolsward E7	10:15
6	Mulier E2	11:00

1	Makkum E3	09:00
2	Workum E4	09:00
3	IJVC E3	10:15
4	NOK E2G	10:15
5	SDS E5	09:00
6	SJO Jeugd Voetbal Bolsward E8M	10:15

Kompetyseyndieling foarjier F–pupillen

1	LSC 1890 F3	09:45
2	SWZ F2	10:15
3	IJVC F1	09:00
4	Workum F2	10:00
5	Heeg F1	09:00
6	SDS F1	10:10

1	SWZ F4	09:15
2	SDS F2	10:10
3	Oeverzwaluwen F1	09:00
4	LSC 1890 F5	09:45
5	NOK F1G	09:00
6	SJO Oudega/HJSC F1	09:00

1	ONS Boso Sneek F2	09:00
2	Blauwhuis F1	09:00
3	SDS F3	10:10
4	Scharnegoutum'70 F3	10:00
5	IJVC F2	09:00
6	SJO Jeugd Voetbal Bolsward F6	10:15

1	IJVC F3	10:15
2	SDS F4	10:10
3	Makkum F2	09:00
4	LSC 1890 F8	11:45
5	QVC F2G	10:15
6	Hielpen F1	10:00

1	Heerenveense Boys F9	12:10
2	GAVC F5	10:00
3	Gorredijk F5	09:00
4	Nieuweschoot F2	11:15
5	Akkrum F4	09:00
6	SDS F5	10:10

SDS E1 sealkampioen



JA sneon 16 februari de grutte dei;
E1 kin kampioen wurde yn'e seal!

We hiene in tige smelle seleksje, fan de 9 wiene der 6 net, Stan, Anco, Tjitze, Tjerk, Stijn, Sjors en ek nochris gjin coaches, Theo en Ferry. Allinich de harde kern Ruerd Eeltje en Douwe Jan wiene noch oerbleaun. Dit geselskip wie oanfult mei de krachten fan Jeffrey, Eljer, Gerben, Kevin en Tom.

We hiene genoch oan 1 punt om kampioen te wurden mar it moast fansels noch wol efkes barre! Yn'e reis nei Ljouwert ta waarden der allegear scenario's besprutsen, gelykspul en ferliese de earste wedstriid en de 2e winne... Mar úteinliks hienen we mar 1 strategy, 2 kear winne dat wie it feilichst!

Earste wedstriid tsjin Frisia, der direkt fol op. Jeffrey op'e goal, Eeltsje en Gerben efteryn, Douwe Jan koart hjir foar yn'e midden en Kevin en Ruerd foaryn. SDS hie direct de controle

yn'e wedstriid. Frisia kaam der yn it begin der in pear kear gefaarlik út, mar nei wat koarter dekken efteryn troch Gerben en Eljer en it beste keepen fan Jeffrey, wiene dizze útfallen ek elimineart, klasse! Mar it stie noch hieltyd 0-0. Dat wie genoch fansels, mar dit wie fansels net wat we ôfpraten hiene. Der waard goed oerspyle ek foaryn. Ruerd, Tom en Kevin hienen nei 13 minuten in gefaarlike útfal en yn in scrimage foar de goal wie

it Tom die de foet der goed tsjinoan sette en de 1-0 makke, yes! Dernei wie de druk derôf en SDS spyle dernei sterk. Eeltsje hie it goed foarelkoar efteryn en Douwe Jan koe hjirtroch ek wat mear nei foaren ta drukke en spyle sa dan ek yn nei links op Kevin. Kevin passeare syn man en sette wer foar op Douwe Jan dy't de bal links neist de keeper yn'e goal tikke, 2-0! Mei noch 3 minuten te spyljen de wedstriid yn'e pocket en **KAMPIOEN!!**

De twadde wedstriid tsjin FVC wie wol dreger. Der waard goed fuotballe, SDS wie de boppe lizzende partij en hie ek in pear 100% kansen mar koe net ta scoren komme. Oan de oare kant hie FVC ek 2 100% kansen mar Jeffrey keepste in hiele beste wedstriid! Einstan 0-0.

Jongens fan E2 en E3 tige tank foar jimme ynset en it mei beheljen fan dit kampioenskip fan E1!

Folkert

Rinsma foar Remco

23 MEI '13



Vorig jaar mei werd bij Remco Brouwer, monteur bij de Alfa Romeo afdeling van Rinsma Berlikum keelkanker geconstateerd. De goedlachse en altijd vrolijke Remco wordt behandeld en na een slopende reeks van complicaties meldt hij zich in November weer beter.

Remco dwingt groot respect af door zijn vechtlust enerzijds en zijn gevoel voor realiteitszin anderzijds. Helaas, noch voor hij weer aan het werk kan gaan krijgt hij last van zijn schouder en blijkt dat de kanker in zijn botten is uitgezaaid. Dit was ongeneeslijk

Zondag 13 januari jl. is Remco op 34 jarige leeftijd overleden, hij laat een dappere vrouw en twee lieve kinderen achter. Een gevoel van machteloosheid overvalt ons, en er is niets meer wat we kunnen doen.. of is er toch iets?

Sipke Visser, directeur Rinsma heeft nog geen jaar geleden zijn vrouw verloren, zelfde ziekte, dezelfde machteloosheid. Bij hem ontstaat het idee om met een team van Rinsma de Alpe d'Huez te beklimmen om iets terug te doen, steun te geven, de pijn wat te verlichten. Hij krijgt direct drie man mee die bereid zijn met hem in hun eigen tijd en voor eigen rekening mee te rijden.

Het team zal bestaan uit: - Johan Dijkstra - Sipke Visser
- Bert de Haan - Chris Wassenaar

We zullen op 23 mei onze beste benen voorzetten en ons tot het uiterste inspannen om de tocht te volbrengen.

Het zou mooi zijn als u / jullie ons financieel zouden willen steunen t.b.v KWF Kankerbestrijding. Dit kan via Bankrekening nummer 31.98.41.839 (Rinsma BV) o.v.v. Rinsma voor Remco.

Heel hartelijk dank voor uw gift en steun.

Meer informatie over de actie "Rinsma voor Remco" is te vinden op: www.rinsma.nl



**BANKREKENING NUMMER 31.98.41.839
O.V.V. "RINSMA VOOR REMCO".**

Ut de âlde doaze

Wij skriuwe oktober 1990. De Treffer. 22 jier lyn. In troue adfertearder fan doe en twa jonge skriuwers wêrfan de iene noch fuotballet en de oare fuotbalspul ferkeapet.

**Voor KAAS
vers van het mes
is RUITER hèt adres !**


Ook in
ZOUTLOZE en
MAGERE
SOORTEN KAAS
is hij anderen
de baas.

H. RUITER
Molewâl 16 Wommels tel.1357

Wij waren zaterdag aan het
voetballen.
Het was de eerste keer.
En wij moesten tegen Mahlum.
Ze hadden ook een meisje er bij.
Ze hadden een Ajax shirt aan.
Hendrik maakte de eerste goal.
Toen hadden we pauze.
En we kregen wat limonade
We moesten elke helft 20 minuten
spelen.
Hendrik maakte ook ook de tweede goal
Toen gingen we onder de doer,
en daarna naar huis en op bed
en oogjes dicht en makelgje
toe.
gerard v. anslit

(AH)

Maandag 3 september gingen we
voor het eerst meer voetballen in
meek (Blok-Boijn). En toen hebben
we verloren met 0-1 en ik
christiaan? maakte die ene goal
christiaan Hodstra



Trefferkes

Adreswizigingen

Geane je ferhúzjen jou je nije adres dan efkes troch oan Tina Wiegers fia tillefoannûmer 0515-331365 of mail nei:

Ledenadministraasje@vv-sds.nl.

Bêd

Jens Hiemstra fan F3 is der wis fan; “ik ben voor 10% een Drent”. “Hoe dat sa? Wenje dyn pake en beppe yn in hunebed”. Nee, zij komen uit Drenthe, maar slapen in een gewoon bed.

Fan PEC nei SC Heernveen?

Douwe-Jan Vellinga soe it letter yn syn fuotbalkarriêre hiel oars dwaan. “Heit, wêrom giet Joey van den Berg no fan PEC nei SC Heerenveen? No stiet der noch leger op de ranglist....”

SDS League

Habtamu de Hoop tocht handich te wêzen en levere syn nije team foar de SDS League yn troch it te Tweeten. It sil him allinnich net folle punten opleverje. Mei maksimaal 140 tekens koe der net in fatsoenlijke ferdediging opstelle:



Rinsma foar Remco

Op side 29 koenen jim alles leze oer “Rinsma foar Remco Brouwer”. Ynmiddels witte wy dat ek Jeroen Brouwer, Anne Stenekes, Metsje Huitema en Feite de Haan de Alpe d’ Huez opfytse sille. Yn de folgende Treffer mear hjiroer.

Snertrin

Seit Peppi fan Kokki tsjin syn mem; “Hé mem, is it sa mei dy snert dat allinnich de winner in bakje snert krijt?”

De âlde doaze

Ha jim ek noch moaie âlde foto’s, dan soe it moai wêze at wij dy efkes brûke kinne om se yn dizze rubryk te pleatsen. Nim efkes kontakt op mei Aant.

Nijs?

Hawwe jim noch nijs, foto’s, eigenaardichheden of oars ek mar wat wat op de SDS-webside kin of foar de Treffer, mail it dan nei **info@vv-sds.nl** of **detreffer@vv-sds.nl**



Aginda

Wannear?	Wat ?	Hoe let?
21-feb	EL: Steau Boekarest – Ajax	
23-feb	SDS 1 – Veewouden 1	14.30
2-maart	't Fean '58 1 – SDS 1	14.30
3-maart	It Daan Boersma -Ouwelullensealtoernoai	13.00
9-maart	SDS 1 – Leeuwarder Zwaluwen 1	14.30
9-maart	Sc Heerenven - PSV	18.45
16-maart	Grijpskerk 1 – SDS 1	14.30
23-maart	Ynhelprogramma	
30-maart	SDS 1 – WPB 1	14.30
30-maart	SC Heerenveen – Feyenoord	
1-april	Aaipop	
6-april	Heerenveense Boys 1 – SDS 1	14.30
13-april	SDS 1 – BCV 1	14.30
14-april	PSV - Ajax	
19-april	Ajax – SC Heerenveen	
20-april	Kollum 1 – SDS 1	14.30
27-april	Ynhelprogramma SDS 1	
30-april	Krening Willem-Alexander	
4-maaie	SDS 1 – Blauw-Wit '34 1	14.30
5-maaie	Befrijdingsdei	
5-maaie	SC Heerenveen – FC Utrecht	12.30
9-maaie	Himelfeartsdei + ynhelprogramma SDS 1	
9-maaie	Bekerfinale	
11-maaie	CVVO 1 – SDS 1	14.30
12-maaie	Memmedei	
12-maaie	Lêste kompetysjeronde Eredivisie	14.30

**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs eltse dei op
www.vv-sds.nl!**